

‘... eat yn it karakter fan de klaeifries ...’

‘LEAFDE TA IT KEATSEN

[...]

Men kin der op om studearje: Hwat is it krekt, dat de keatsers sa meinimt? Hwat makket, dat der guont binne ûnder it publyk, dy't hast gjin wedstriid oerslagge? Faeks soe in psycholooch nijsgjirrige dingen foar it ljocht bringe kinne, foaral in psychoanalyticus. Miskien is it werklik wier, dat der eat yn it karakter fan de klaeifries sit, dat bij it keatsen syn kâns kriget.'

J.J. Kalma. Keatsen yn Fryslân (1961, s. 198)

Mei dy wurden fan Kalma yn 'e achterholle fytsten wy yn 'e wyn op de Stienzer Hegedyk del nei it keatsen yn Bitgum, snein 23 augustus 2009. De frou bij de kaartsjes siet der foar it tritichste jier, stie der op in papier bij. Se krige der yn it skoft in moaie krâns foar (sjoch foto). Se hie de wyn yn it tintsje en siet te hâlden en te kearen. Fan it keatsen soe sij net folle sjen. En hie se troch de jierren wierskynlik ek net folle sjoen, mar wol altyd oanwêzich, wat wie dat yn har klaaifrieze karakter, dat se derbij wêze woe?

It wie rêstich om it fjild. Te moai waar miskien? Alderen bang foar de waarmte, jongeren leaver nei it strân? Oan 'e skaadkant wie it it folst. Op 'e sinnekant wie noch folop romte op 'e banken. Wat sei dat oer it klaaifrieze karakter? Bang foar de sinne? Wij giene achter de boppe sitten, sa dat wy de sinne fansiden hienen. Wat sei dat oer ús? Doe't wy sieten, betochten wy dat wy noch gjin list hienen. Ik ien

ophelje. Doe't ik 'm bestudearre, seach ik ta myn fernuvering dat de priiswinners fan 25 jier lyn jonges fan myn generaasje wienen.

De heale finale waard it wat foller op 'e banken. Twa pear tritigers mei jonge bern kamen op 'e bank achter ús te sitten. Mar al gau stienen der fjouwer jonkjes yn 'e leeftiid fan rûchwei fiif oant acht jier foar ús.

'Dy griene wurket bij ús heit,' swetste ien fan harren op, wylst er it fjild yn wiisde nei ien fan 'e keatsers yn in grien shirt. De oaren wienen ûnder de yndruk. Sels it bruorke seach derfan op. Dy woe lykwols in ijsko. 'Wy betellet dat?', frege er om ús hinne oan syn mem en, 'wêrom kostet alles jild?'

Gruttebroer melde dêrnei bij elke slach dat 'dy griene' bij syn heit wurke. Mar it effekt waard hieltyd lytser, koest sjen. Dochs hie er dêr wol ien fan de essinsjes fan 'e aardichheid fan it keatsen te pakken, lytse sport, dat de keatsers bekenden binne op ien of oare manier. Sa helje wy allegear de keatsers tichter nei ús ta. Wurde wy net wurch te fertellen dat dy keatser ien fan dy en dy is en earder noch dêr en dêr wenne hat.

Ik wit net oft soks bûn is oan it karakter fan 'e klaaifries, mar ik wit wol dat soks bij it keatsen royaal syn kâns kriget. Troch alle deade spulmominten kin soks wiidweidich bepraten wurde. Sels troch lytse jonkjes, dy't eins ek wol graach nei de botsautootsjes wolle soenen. Se hongen wylst oer de stekjes dy't om it fjild stienen en rammelen deroan, seagen oft se se miskien útelkoar helje koenen. Wat seit dat oer it karakter?



In frijwillichster krijt yn Bitgum in krâns foar 30 jier kaartsjeferkeap. Foto: Richard Miedema.

De finale waard it 5-5, 6-6, hoe is it mooglik, sit dat ek yn 't karakter fan 'e klaaifries? De oare net fuort ôfmeitsje, elkoar miskien ûnbewust noch in kâns jaan, it derop oan komme litte? En dan kin it alle kanten útfalle, mar nee, dan komt der earst noch in keats. En wurdt der nochris fergien en dan, einlings, bal op en boppe! En is it spul uterepút.

We fytsten foldien nei hûs. Unthaasting is it, seinen wy. Hoechst allinne mar te sitten en te sjen wat der bart, drinkst in fleske of in gleske, yst in ijsko of in patatsje of beide, sjochst bekende koppen, ropst hoi links en rjochts, praatst in pypfol en dan kinst wer op hûs oan.

Wat dat allegear oer it karakter fan 'e klaaifries seit, ik wit it wier net. Is it dochs dat stadige, dat bedarde? Doe't wy thús noch even yn 'e lêste sinne sieten nei te genietsjen, kamen buertgenoaten, ek klaaifriezen, thús mei de crossauto's nei in wierskynlik like moaie dei op it crossfjild. En wat dat dan wer seit?

Janneke Spoelstra

Fan Freulewinner oant PC-keatser: talint, ambysje, kar

“Is men het,” vervolgde mevrouw, “dan is men het ook, maar is men het niet, welnu, dan is men het ook niet.” “En wordt men het ook niet,” voegde haar man er aan toe. “En wordt men het ook niet,” herhaalde mevrouw, “wat men ook doet en wat men ook probeert. Terwijl, als men het is, men ook gerust kan zijn, want men is het.” “En blijft het ook,” meende haar man. “En blijft het ook,” bevestigde mevrouw, “wat men ook doet en wat er ook gebeurt.” “Dit is onze overtuiging. Ik hoop dat u de zaak eveneens zo ziet?”

Boppesteand sitaat út ien fan de evergreens út de Nederlânske literatuer, *Erik of het klein insectenboek* fan Godfried Bomans, spile my troch de holle doe't ik neitocht oer wat no einliks de oarsaken derfan binne dat safolle goeie jongeskeatsers net de stap meitsje (kinne?) nei it grutte spul. Guon keatsers domineare oant harren sechstjinde jier yn alle jeugdkeatsers, mar wurde troch tal fan oarsaken dochs net de top per dy't men ferwachte hie. Wêrom is bygelyks Peter Zuidema, dy't yn alle leeftiidskeatsers it jierklassemint wûn hat, en dy't yn syn lêste jier by de jonges de Freule, it Jongesbûn en as dispensaasjespiler ek noch de Jong Nederlân pakt hat, net trochbrutsen as haadklasser? Wêrom hat der fan de Freulewinners út Wommels (1992), Marsum (1995), Menaam (1998), Reahûs/Turns (2002) en De Ryp (2006) (noch) net ien meidien oan de PC? Wat is der fan dy jonges

wurden, keatse se überhaupt noch wol? En is dat in ferskynsel fan de lêste twa desennia of hat it altiten al sa west dat in protte talintfolle Freulewinners net de line trochlûke koenen nei in súksesfolle karriêre yn de haadklasse? Fragen dêr't ik yn dit artikel in antwurd op besykje te krijen.

Freulewinners op PC-listen

Foar it beäntwurdzjen fan de fraach: 'Hokker Freulewinners ha ea meidien oan de PC?', ha ik gebrûk makke fan de PC-listen út de perioade 1903 - doe't de earste Freulepartij hâlden waard - oant 2009. De PC winne is foar eltse keatser fansels in dream, mar in kear meidwaan is in mooglikheid dy't ek foar keatsers mei in net bûtengewoan talint faak noch wol te berikken is. Ik ha dêrom alle Freulewinners út de perioade 1903 – 2009 bylâns west en bin neigien oft sy yn alle gefal ien kear op in PC-list stien ha.

Fan de yn totaal 310 ferskillende Freulewinners¹ ha 129 keatsers minimaal ien kear meidien op de PC, dat is 42%. Dat is gjin leech persintaazje want meastentiids driuwt in ôfdielingspartoer, en by de jeugd alhielendal, op ien sterke keatser. Ien sterke keatser yn in partoer soe dus in tredde (33%) fan it totaal útmeitsje. Dat 42% fan de Freulewinners minimaal ien kear meidien hat oan de PC, en dêrmei it bewiis levere hat, dat se trochgien binne mei keatsen, is in behoarlik oantal. Ik ha gjin fergelikingsmateriaal fan

oare sporten, mar it soe ynteressant wêze om te sjen hoe't de trochstreaming fan talintfolle keatsers him ferhâldt mei de trochstreaming by oare sporten.

Ik ferdiel no de hiele perioade fan 1903 – 2009 yn trijen. De earste perioade dy't ik nommen ha, rint fan it begjin yn 1903 oant 1942. Yn de perioade 1903 – 1942² ha der 39 Freulepartijen west mei 115 ferskillende winners. Dêrfan ha 47 op de PC keatst, dat komt ôfrûne del op 41%. Dêrnei ha ik wer in perioade nommen fan 39 Freulepartijen. Dat is de perioade 1945 – 1984, mei yn totaal 117 winners. Dêrfan ha 55 de PC helle, sa'n 47%. De tredde perioade is dy fan de lêste 26 jier (1984 – 2009). Ut dy perioade ha fan de 78 Freulewinners 28 op de PC-list stien en dat is 36%. Dat is in lytse ôfname yn fergelyking mei de oare perioaden. Fansels moatte wy hjir wol rekken hâlde mei de mooglikheid dat de Freulewinners fan de lêste jierren noch kânsen ha om de PC te heljen.

Gloarjetiid

De gloarjetiid foar de Freulewinners leit yn de neioarlochske jierren fan 1945 oant rûchwei de jierren tachtich. Hast de helte fan de Freulewinners út dat tiidrek hat meidien oan de PC. In skoare fan 47% is frij heech. Dêrnei sjogge wy dat hieltyd mear Freulewinners de stap nei it meidwaan oan de PC net sette kinne. In sinjaal yn dy rjochting is ek dat fan de lêste 18 partoeren dy't de Freule wûn ha, fan mar leafst

sân kompleete partoeren net ien keatser meidien hat oan de PC. Spektakulêr is dy weromfal fan 47% nei 36% net. Mar as it giet oer de belangstelling foar en de oanlûkingskrêft fan it keatsen, is it wol in sinjaal dêr't net oan foarbygongen wurde kin.

In oare oanwizing foar de heechtiidsperioade 1945-1983 is dat it doe ek mar twa kear bard is dat fan in kompleet Freulewinnend partoer net ien keatser de PC helle hat. Dat wie yn 1952 it partoer fan Frjentsjer, dat bestie út Gerrit Herrema, Edzer de Boer en Wop de Jong en letter, yn 1967, it trijetal fan Bitgum: Douwe Beimers, Henk Laanstra en Meile Zijlstra. Yn de earste 39 jier barde it seis kear dat in winnend Freulepartoer net in keatser levere foar De Fierde Woansdei. Dat wienen de partoeren fan Raerd (1913), Wommels (1920), Holwert (1923), Bitgum (1929), Snits (1932) en Berltsum (1941).

It is, oan de oare kant, yn totaal mar seis kear foar kommen dat alle keatsers fan it winnende Freulepartoer ek útkommen binne op de PC. Dat wienen Frjentsjer (1909), Wier (1938), Peinjum (1959 en 1981), Stiens (1971) en Berltsum (1994).

Yn totaal ha 25 keatsers³ sawol de Freule as de PC wûn. Yn de perioade 1903-1942 slagge dat sân keatsers, yn de perioade 1945 oant 1983 tolve en dêrnei seis keatsers. Sjoerd Heeringa fan Tsjummearum wie de rapste fan it stel. Hy wûn yn 1961 de Freule en noch gjin jier letter de PC. Utsjitters binne der yn alle trije perioaden. Taede Zijlstra, dy't de Freule wûn yn



It winnende Freulepartoer fan Frjentsjer yn 1952. Flnr: Gerrit Herrema, Edzer de Boer, Wop de Jong. Foto: Keatsmuseum. Herrema: 'Doe'r ik yn tsjinst siet, wie it dien mei it keatsen. Dêrnei kaam ik yn Easterwâlde te wenjen, dêr waard net keatst. Dat de Freulepartij is myn iennichste wapenfeit. Pas letter, by it âlder wurden, is it besef kommen fan dy bysûndere prestaasje.' Ur: Leeuwarder Courant, 6 augustus, 2002.

1917, soe njoggen kear de PC winne. Piet Jetze Faber wûn de Freule yn 1971 en acht kear de PC. Sokke oantallen lykje, mei de hieltiten koarter wurdende perioade dat topspilars hjoed-de-dei keatse, net mear helber. Dochs slagge it Auke van der Graaf om nei de Freulewinst yn 1994 noch fjouwer kear de PC te winnen.

Ut it oersjoch fan Freulewinners dy't ek de PC wûn ha, blykt dat fierwei de measten echte toppers wienen. Want fan dy 25 ha mar leafst 17 faker as ien kear de PC wûn. Mei-inoar ha se 64 kear in PC-oerwinning op har namme stean.

Nijsgjirrich is fansels ek om te witten wat de reden is dat fan de 310 Freulewinners 181 nea keatst ha op de PC en dêrnei ek gjin trochgeande line yn har keatskarriêre sjen litte. De earste reden is fansels dat yn in protte winnende Freulepartoeren net alle spilers it talint hienen om topkeatser te wurden. In moai foarbyld wie yn 1924 de Freulewinst fan Adolf Mulder yn it partoer fan Mantgum. Syn heit wie dat jier besteld as arbeider by in boer yn Mantgum. De famylje ferhuze nei Mantgum en sa krige Adolf de kâns om as tredde maat it Freulepartoer oan te foljen. De lytse en rappe Adolf wie gjin grut keatser, mar

makke him fertsjinstlik as 'balkearder'. Dêrnei gie syn heit oan it wurk by in oare boer en rekke Adolf út it sicht fan de Mantgumer keatsferiening. Pas by it jubileum fan Jacob Klaver yn 2003 waard dúdlik wa't no einliks Adolf Mulder wie.⁴

Talint, ambysje, kar

Mei boppesteande feiten yn de efterholle en it sykjen om in ferklearing foar boppesteande sifers, ha ik pe-tearen hân mei in tal Freulewinners dy't de stap nei de PC (noch) net set ha. Liedend gesprekstema wie hieltyd de fraach wêrom't de stap nei de PC (noch) net makke is, of yn it gefal fan Peter Zuidema, wêrom't de grutte trochbraak der net kaam. Peter wie 'it grutte talint' begjin jierren njoggentich. Yn de jeugdkategoryen hie er wûn wat der te winnen wie en hoewol't er fjouwer kear meidien hat oan de PC - mar alle kearen der ek fuort ôfrefke - is er nea trochbrutsen. Sels seit er dêroer: 'De wichtichste reden dat ik al mei 26 jier ophâlden bin, wie de kar foar wurk en gesin. Ik wie trouw, krige bern en moast foar myn wurk yn Oerisel in ein ride. Ik koe op it lêst it trainen net altiten mear opbringe. Boppedat wie it trainen foar my te yndividualistysk. No traine se yn teams, dat hie foar my ek goed west. Yn myn jeugd begûn it keatsen foar my meastentiids pas yn de twadde of tredde omloop. No moast ik daliks om tsien oere al fol oan de bak. Ferlieze koe ik ek net maklik akseptearje. Doe't ik net mear better waard, rekke de lol der ôf. Ik woe winne en net allinnich foar de gesellicheid meidwaan. Dat ik net echt trochbrutsen bin op de haadklasse, siet foar

in part ek yn it stellen. Dêr wie ik net sterk yn. Ik hie, doe't ik út de jonges kaam, folle langer by Jan Bantema en Douwe de Boer bliuwe moatten. Dat wienen 'âlde rotten', dêr't ik in soad fan leard ha. Myn PC's binne in ferhaal apart, ik wie fiersten te senúweftich, it makke in te grutte yndruk op my.'

Bysûnder is ek de keatskarriêre fan de twaling Jouke en Hendrik Jorritsma, dy't yn 1995 mei Gerard Hiemstra foar Marsum de Freule wûnen. De deis nei de winst op de Freule kopte de Ljouwerter Krante: 'Jorritsma's pas zestien, stoppen op hoogtepunt met keatsen.' Jouke leit út: 'Yn ús jeugd dienen wy einliks neat oars as sporte. Wy sieten yn de jeugdseleksje fan Cambuur en moasten fjouwer kear, en letter fiif kear, yn de wike traine. Yn de simmer traiden wy earst by Cambuur en dêrnei moasten wy nochris keatstraine. De jûns foar de Freule sieten wy yn in trainingskamp fan Cambuur yn Appelskea en moasten dêr in oefenwedstriid spylje. Dêrnei gienen wy de jûns let mei de heit fan Gerard Hiemstra nei Marsum. De moarns om seis oere wienen wy der al wer ôf, want wy woenen wol fris oan de dei begjinne. Mar wy hienen doe al besletten om mei keatsen op te hâlden en te kiezen foar it fuotbaljen. Dat fûnen wy dochs moaier. By Cambuur ha wy it earste alvetal net helle, mar wy ha prachtige jierren hân en no fuotbalje wy noch altiten by Friesland yn it earste. Keatse ha wy nei dy tiid hast nea wer dien.' Op myn fraach oft se ek noch lid binne fan in keatsferiening, antwurdzje se ûntkennend. Jouke soe noch wolris keatse wolle. 'Miskien doch ik



Aksjefoto fan Peter Zuidema op de Freulepartij fan 1990. Foto: Keatsmuseum.

noch wolris mei oan it hoarekakeatsen, dêr hat Watse de Boer my alris foar útdage. Mar dan moat ik earst al wat oefenje, want ik wol net ôfgean.' Hendrik seit noch dat twa kear keatsen yn in wykein in hiele belêsting wie. 'Jo stienen de hiele dei yn it fjild en wienen it hiele wykein kwyt. Ien wedstriid yn it wykein hie folle better west.'

Myn fraach oan Sytze Terwisscha van Scheltinga en Bouke Poelsma, twa fan de winners út it Freulepartoer fan Reahûs/Turns (2002), hoe't it sit mei harren ambysje om nochris de PC te heljen, komt op in goed momint. 'Bouke en ik ha krekt dizze winter besletten om kommand jier noch ien kear te sjen wêr't ús top leit'. Sytze fertelt: 'Wy ha de Freule wûn, trochdat oare favoriten, wêrûnder Wytmarsum, mei Sprik,



It winnende Freulepartoer fan KF Foarút te Marsum.
Flnr: Hendrik Jorritsma, Gerard Hiemstra, Jouke Jorritsma
en begelieder Jorritsma sr. Foto: Jan Tromp.

Zaagemans en Meekma, derôf rekken. Wy wienen alle trije gjin grutte talinten en hienen dat jier ek noch net in protte wûn, wy keatsten doe de bêste wedstriid fan it seizoen.' Beide ha it nei de jongeskategory wol besocht, mar it slagge net. Sytze: 'De lol giet der gau ôf as jo foar ien omloop nei Morra-Lioessens reizgje.'

Bouke jout oan dat der yn harren federaasje in protte partijen organisearre wurde op in nivo dêr't se goed oan meidwaan kinne. 'Der ha wy in protte wille en it is altiten yn de buert. Boppedat begjinne dy wedstriiden pas om tolve oere, dan kinne jo yn it wykein ek nochris lizzen bliuwe.' Mar dit jier sille de mannen it dus nochris mei mear regelmaat besykje op KNKB-partijen. Op myn fraach oft wy harren dan daliks sjen sille yn Drachten, komt net in dúdlik antwurd. 'Tsjja', seit Sytze, 'dat is fansels wol op Keninginnedei en dan is der oars ek in protte gesellichheid. It keatsen moat fansels wol aardich bliuwe.' Bouke knikt befêstigjend.

Konklúzje

It paad fan Freulewinner nei PC-keatser is minder maklik as it liket. It is in kombinaasje fan talint, ambysjes en de kar dy't men makket om wol of net it uterste der út te heljen. Yn wêzen hat dat yn de hiele perioade fan 1903 oant no, sa west. Fansels binne de maatskiplike faktoaren no oars as yn it begjin fan de tweintichste ieu, mar it is min út te meitsjen oft dy rânebetingsten eartiids swierder of makliker wienen as hjoed-de-dei. Sportferslachjouwer Siebe Annema skreau yn de Ljouwerter Krante fan 8 augustus 1985 oer de trochstreaming fan Freuletalinten: 'Te veel externe factoren zijn nog van invloed op de ontwikkeling van de kaatsloopbaan. In belangrijke mate zijn dat natuurlijk de mentaliteit en de instelling van de kaatser, maar ook de eventuele toename (of juist het uitblijven) van de fysieke kracht die vooral in de eerste klasse van steeds groter belang lijkt te worden

en maatschappelijke omstandigheden als studie en de eventuele vervulling van de militaire dienstplicht.' Eksakt in jier letter skreau dyselde Annema, 'dat getalenteerde jeugd maar matig doorstroomt naar de eerste klasse', mar de foarbylden dy't er dêrby neamde, Joop Bierma, Hotze Rusticus, Leo Leeuwen, André Tolsma, Gerben Okkinga, Any van Straten, Sjaak Rinia, Abe Kooistra en Willem Tuinman, kinne foar in grut part weromsjen op in prima keatskarriêre.

Jo kinne jo ôffreegje oft wy yn de keatsery net te krampeftich dogge oer talinten dy't net wiermeitsje wat wy foar harren yn gedachten hienen. Moatte wy de kategory fan de junioaren mar net gewoan ôfskaffe en it de keatsers sels mar útsykje litte, eventueel mei wat begelieding en al of net yn teams? Yn oare sporten sjogge wy itselde ferskynsel. Guon talinten heakje ôf en oaren dêr't wy it net fan ferwachten, wurde toppers. Jo hawwe letbloeiens en útbloeiens. It is yn de keatsery al net oars as yn it maatskiplik libben: 'Is men het, dan is men het ook, maar is men het *niet*, welnu, dan is men het ook *niet*.'

Theo Kuipers

Noaten

- 1 Yn 1907 en 1908 wûn Achlum twa kear efterinoar de Freule. Twa kear hearden H. Rollingswier en J. Alkema by it winnende partoer. Dêrnei is ynsteld dat soks net mear mooglik wie. Rollingswier hat op de PC keatst, Alkema net.
- 2 Der wienen gjin partijen yn 1914, 1943 en 1944. Ik ha keazen foar de perioade fan 1903 oant en mei 1942, dus de brek yn de Twadde Wrâldkriich, en foar in perioade fan inselde tal partijen (39) dêrnei, dus fan 1945 oant en mei 1983. De lêste perioade fan 1984 oant en mei 2009 hat dêrom mar 25 partijen.
- 3 De 25 keatsers dy't de Freule en ien of mear kearen de PC wûn ha, steane hjirneist.
- 4 Adolf Mulder wie de heit fan earsteklas keatser Jacob (Jappie) Mulder út Seisbierrum. Jappie Mulder hat yn tsjinstelling ta syn heit net de Freule winne kinnen, mar hat wol sân kear meidien oan de PC. Mear as in twadde omloop by syn debút yn 1965 siet der net yn.

Namme	Wenplak	Freulewinst	PC-winst
Anne Smidts	Frjentsjer	1909	1913 / 1919
Jan Ymtes Heeg	Easterein	1911	1919 / 1921 / 1922
Taede Zijlstra	Wytmarsum	1917	1920 / 1921 / 1922 1925 / 1926 / 1929 1931 / 1935 / 1939
Cees Kamminga	Arum	1930	1938
Feite de Jager	Harns	1931	1940 / 1942
Frans Helfrich	Harns	1936	1942 / 1947 / 1953
Jan de Groot	Weidum	1939	1941
Albert Veldkamp	Huzum	1945	1954 / 1958
Dirk van der Zee	Ljouwert	1953	1960
Martinus Santema	Easterlittens	1957	1961 / 1963 / 1965
Rienk de Groot	Ljouwert	1958	1961 / 1964 / 1966
Johannes Westra	Ljouwert	1960	1968 / 1969
Sjoerd Heeringa	Tsjummearum	1961	1962 / 1964
André Roosenburg	Frjentsjer	1968	1972
Piet de Jong	Wommels	1969	1972
Piet Jetze Faber	Froubuorren	1971	1975 / 1976 / 1979 1980 / 1981 / 1982 1983 / 1990
Joop Bierma	St. Jabik	1978	1989
Peter Rinia	Makkum	1979	1984 / 1986 / 1987 1988
Hotze Rusticus	Arum	1980	1989 / 1984
Erik Seerden	Frjentsjer	1987	1991 / 1992 / 1993
Auke van der Graaf	Berltsum	1994	1998 / 1999 / 2007 2008
Jacob Wassenaar	Minnertsgea	1996	2002 / 2005
Cornelis Terpstra	Minnertsgea	1997	2002
Teake Triemstra	St. Jabik	1999	2006 / 2007
Gert-Anne van der Bos	Holwert	2005	2009